



For sprekkers en lêzers : nije grappige teltsjes, yn onrym

<https://hdl.handle.net/1874/233704>

mm 010119

160 F 6 ²⁶

2

FOR SPREKKERS EN LÊZERS.

NIJE GRAPPIGE TELTSJES,

YN ONRYM,

TROCH


S. K. FEITSMA,

Skrjuwer fen IN BYTSE UET FOLLE, SAUN RIS SOM, ensfh.

30 c. n.



PRINTE BY F. HESSEL,
OP 'T HEARRENFEAN.



160. F. 6²⁶

2

FOR SPREKKERS EN LÉZERS.

NIJE GRAPPIGE TELTSJES,

YN ONRYM,

TROCH

S. K. FEITSMA,

Skrjuwer fen IN BYTSJE UET FOLLE, SAUN RIS SOM, ensfh.

PRIS 30 CTN.



PRINTE BY F. HESSEL,
OP 'T HEARENFEAN,

For Sprekkers en Lêzers.

1. DE BITSJOENDE PARBEAM.

Der wier ris in hear en dy hie in faem om de huwshalding for him waer to nimmen. Nou wier dy huwshaldster in tige tsjep frouminsk en dy hear hie yet sa'n min gesicht net, of hy koe dat ek wol sjean. Troch dy wei krige er al gau smicht op hjar en woed er uet noch yn net lije, dat se ris in frijer krige. Mar om hjar ta syn wiif to freegjen, dat kaem net yn him op. Dêrfor seach er to heech. Dat hie de faem wol yn 'e rekken en dêrom woe se ek neat fen him wite. As in fatsoenlik frouminske, lyk as hja wier, hie se ljeaver in earlike forkearing mei ien uet hjar stân en die hjar miende. Koartom, hja krige forkearing mei de *feint* en 't plan wier, hja scoene de lapen by enoar smite sadré se togearre in bistean hiene. Mar hja lieten hjir tsjin nimmen eat fen skine — dat dy hear it net wys wirde scoe — om, hja wisten wol, oars wierne hjar konyntsje-dagen hjir uet, en hja hiene yet neat om sels de huwshalding op te setten. Lökkich for hjar bleau dizze fen dy frijerij onkindich en de measte part hiene er ek gjin erch yn. Mar der wier dôch ien, dy er eat fen mirken hie, en dat wier in goe' frjeun fen de hear, dy er wol gau ris oan huwe

kaem. Dy goe' frjeun wier in bjuster aerdich man, of eintlik in rare bruijer; hij wier mei alle ljue gemien en in earste bysfeint, dy altyd nocht oan grappen hie. Sa makke er wol gau i's in praetsje mei de feint.

— Jonge, sei er op in kear tsjin dizze (hwent hy woe him ris tantsje), 't falt my ôf fen dy, datste yet net mirken heste, ho'n gnap frommis jimme huwsfroufaem is. My tocht, do hieste hjar al lang ris in tuetsje ontstellen . . . Scoest' dat wol dwaen doarre?

— Ja wis wol! sei Jan (sa hjitte de feint).

— Ek wol as dyn hear der by is?

— Nou dat wit ik sa lyk n't.

— Dat scoe'k, as 'k dy wier, ek mar net onderlizze, hwent den scoe dyn hear wis tige likk wirde en dy foart jeije.

— Sa mâl scoe 't, tink ik, yet net komme.

— Nou, harkje ris: aste hjar in tuetsje jaen doarste, dat dyn hear it sjucht en hij wirdt er net likk om, den

— Nou, hwet den?

— Den krijste fen my tuwzen goune; mar ik wit wol foaruet, dat ik se dy net ta hoech to tellen.

— Om tuwzen goune, dat ik it dôch.

— En dyn hear scil net likk wirde?

— Hy scil er net likk om wirde.

— En honear scil it wêze?

— Hjoed yette, as 't Mynhear goed is. Ik haw er al hwet op bitocht om de tuwzen goune to fortsjinjen.

— My is 't goed . . . dos hjoed . . . ôfspritsen.

De goe' frjeun lake al by foarrie om de grap, dy er blibbe scoe en Jan lake ek, hwent dy tuwzen goune

liken him moai ta. Mei sa'n somme scoed er der uet wêze en syn eigen baes wirde kinne.

Harkje nou goed ta, frjeunen, hwent it moaiste komt yette.

De oerdeis sieten se mei hjar trijen yn 'e tuen onder it skaed fen in parbeam to thêdrinken. As ik siz mei hjar trijen, den mien ik: de hear mei syn huws-haldster en de goe' frjeun. Jan wier dêr in eintsje ôf en pielde uet skyn sahwet om Mar hy seach uet en troch fen syn wirk op en nei de faem, om hy hie hjar al mei syn plan bikind makke en hjar ynskuend hwet se sizze moast.

Do er hjar den sabeare sonder erch foarby scoe om yet eat to boarderjen, rôp hja him en sei: Hea Jan, dêr hingje yet sa'n pear moaije kykapels, parren mien ik, dy moaste al for ues ploaitsje.

— Jonge ja, sei de hear, dat moat wêze. To Jan, do kinste yet wol kladsje.

Jan kleau as in kat yn 'e beam, mar do er de parren plôke hie, bleau er stil op in tuwke sitten en seach de ljue oan, krekt as er biskamme wier.

— Nou, sei de hear, ho is 't, bist fen sins om dêr hjoed te bliuwen?

— Mynhear, andere Jan, itjinge ik sjuch bikomt my sa nij, dat ik er al hiel fen ontskruve bin. Ik kin siker hast net del komme, sa sit it er my fen yn 'e skonken.

— En hwet sjuchtste den, dat dy sa oerstjuwr makket? — frege de hear binijd.

— Moat ik dat ek yet sizze? Fy, mynhear, jy meije jou skamje, dat jy hjir by ljachtskynde en foar

allemans each mei de faem sitte to frijen. Dat hie 'k net fen jou forwachte.

— *Hwet* seist' dêr, smjeunt? *Ik* mei de faem frije! Ho krijst' *dat* yn 'e hersens?

— Wel ik sjuch it ommers foar myn eagen en ... oars ha 'k it my sa sterk forbylde.

— Mar dat is ommers net moulk! sei de hear. Soks kin nin ien him foarbyldsje, of hij moat puwr sljucht wêze.

— Of de parbeam moast bitsjoend wêze, dat scoe ek wêze kinne, sei de faem, — hwent hja hie hjar rol goed fen buwten leard.

— De parbeam bitsjoend?'

— Ja, ik stel bygelyks de parbeam is bitsjoend, en nou kin immen, dy er yn sit, him dêrtroch wol forbyldsje eat to sjean, dat yn wierheid net bart.

— Dat mat ondersocht wurde! rôp de hear, dy in bytsje lichtleauwich wier.

Dit sizzende klantere er sels yn 'e beam en do er dêr boppe yn siet, sloech Jan de faem de hânnen om 'e hals en tuette hjar, dat it klapte.

— Jan? rôp de hear uet 'e beam, siz my nou op dyn consjinsje ôf, frijste dêr mei de faem of net? ik kin net oars sjean as datste dêr drok mei toset biste.

— Ikke? né, mynhear! andere de feint, sabeare onnoazel, dêr tocht ik like min om as om de uwre fen myn dead.

— Nou, den ha 'k it my mar forbylde, en den giet it my krekt lyk as dy niis, sei de hear wer, mar den is er ek gjin twivel oan, dat de beam bitsjoend is. Jan, jonge, ik forjow it dy, datste my niis sa on-

rjuchtfeardich bitige heste, dou koest' it net helpe, — mar dy beam scil er uet!

Jan hie lykwol mei de faem frijd en de hear hie 't sjoen en wier er net lilck om woar'n, hwent hy miende, dat er 't him mar forbylde hie. De feint hie dos de tuwzen goune earlik woun, en de goe' frjeun halde syn wird. Hy jowch dy somme oan Jan en dizze troude al gau dêrop mei de faem. Do earst waerd de hear wys ho se him te fiter hawn hiene en hy skamme him om syn eigen lichtleauwigens.

DE APEN EN DE POANNEN.

In earne suteler kaem onderweis troch in bosk, dêr in hiele bulte apen tahalden. It wier om middei hinne en ues man hie 't hiele moarnskoft roun. Warrich en ongedien fen 'e lange tochte en yet mear oan ein fen 'e waermte, gyng er einlings sitten to rêsten oan 'e foet fen in njuwte kastanjebeam. Mei gauwens bifoelen him de lea en waerden him de eagen stiif fen sliepri-gens. It wier as it plak him uetnoege om te sloegjen. Boppe him wier in ticht forwulft fen skadige blêd-den. — om him hinne in tsjuwke laech moas, dat droech en sêft wier. De keapman wachtet net lang om syn wirrige lea lins to jaen en giet lizzen sa lang as er woexen wier op it sêfte tapyt, dat de Natuer him dêr spraet hie. — Mar, tinkt er, ik kin 't my yet nofiker meitsje. Hy dôcht syn reissek iepen en hellet er in poanne uet, dy mei mear oaren syn hiele ne-

goasje uetmakken, hy set de poanne op, giet wer lizzen, dôcht de eagen ta en — sliept yn.

Nou hie ues man nammers net mirken, dat er yn 'e beam, dêr 't er op dit stuit sa noflik onder slomme, in hiele rêst apen tahalden. Mar amper is er yn slept, of hja komme fen alle kanten opsetten. Yn in amerij is de hiele sek leech helle en het elts fen hjar in poanne op 'e kop. In setsje dêrnei wirdt de keapman to wekker.

Is 't wier, of forbyldsje ik it mij? tinkt er. Mar né, it is mar al te wier. Gjin sek mear to bikennen, of ljeaver gjin poannen! Bisoud sjucht er syn reissek — niis sa roun, sa swier, mar nou leech —, as in omklaeisel sonder foarm, uet enoar teard, en neat mear wirdich om 't er neat mear yn is. Bistellen! — ik bin bistellen! ropt er uet. En hy springt gysten oerein. Op de biweging, dy er hjirby sa hommels makke, bigjint er boppe him yn 'e blêdden eat oan to gean. De ongelokkige sjucht op en fornimt in hiele kliber apen, dy fen de iene tuwke op 'e oare hippelje en elts mei in poanne op. Sa folle apehollen, sa folle poannen, dy him sa 't liket yet uetgnize. — Ho scil er syn eindom wer krije? De apen efternei? Mar hy kin like goed de hiele bosk yn'e buwse stekke. Einlings mient er in middel foun te hawwen, en nou oan 't smiten mei stiennen. De apen, net sleau, smite like hird werom mei kastanjes. dy as hagel en sied op him del reine. Hij racht de dieven uet, hja anderje him mei wanluwdich geguwl. Alhiel puwr en yn 'e miening, dat syn hiele eindom for him forlern is, stampet ues maet mei de foet op 'e groun en grypt

woedend nei de poanne, dy er yet op 'e holle het. de ienichste dy se him halde litten hiene, dêrop kletst er'in mei foarsje jin 'e groun. Dêr hied er mei begjinne moatten hwent de apen, ek dit syn dwaen neifolgjende, skuorre op slach de poannen ôf, krasse op 'e tosk en litte it poannen op 'e keapman reine. Me kin wol fen tinken ha, dat ues man net sloech wier om syn poannen op to fandeljen en yn 'e sek to trjuwen.

Lokkich, dy net oars as mei sokke domme dieven to dwaen het.

3. OP SKOALLE.

UET ALDOMKE BERNETHID.

De master, dêr 't ik to'n earsten by op skoalle en yn 'e kost gien ha, wier in lyts grou keareeltsje, moai reafallich fen troanje en mei in keale plasse. 't Is krekt as 'k him noch sjuch, wylst er mei syn koarte kromme skonkjes kein de buorren lâns teantet en for alleman, dy him tomiette komt, syn greate fiifkop ôfnimt, hwêrtroch de mannich grize hierren, dy er yet bihalden hie, yn 'e wyn flodderen. Hij droech in koarte, forwielene broek mei silverne kuwtgaspen lyk as by alds de moade wier; mar dat klaejjingstik hie jimmer it oansjean, dat it to koart wier of dat syn baes jamk op 'e knibbels laei, om 't it stees de ôfprintsels fen dy lichemsdielen to sjean jowch. De buwsen fen syn klinkbuiske gappen as in oun, krekt as se honger hiene, en howol de master de hânren blank hie,

lyk as alle ljue, dy er net mei arbeidsje, dy buwsen waerden op 't lêst dôch jimmer snuesterich en glimmend. Yn d' iene huwshalden syn buwsdoek en snuefdoaze en yn d' oare syn siden muwtske, dat er opsette, sadré it kalder waerd.

De goe' man hie ta oarehelt in wiif mei in troanje sa smel as in limmes, like onsjuich en bienbitich as sines roun en muwtel wier. Hja forweegde de holle hieltyd fen d' iene kant nei d' oare en 't wier oan de kleur van hjar noas wol to sjean, dat se graech in taest yn 'e snuefdoaze dwaen mocht. It minske hie gjin bern; in dit opsjuch alteas hie de himel hjar ljeafde net seine, sa 't hjar herte van ljeafde oerroun hawwe scoe, as se net in part dêrfen oerdroegen hie op in mophountsje, sa great as in sânraep, (in bytsje langer wol 'k leauwe) en mei neazige kromme poatsjes lyk as fen in langskonkte spin. It ljeave dier hjitte Azor Syn hier hie deselde kleur as de frou hjar noas As er roun, den wier 't op sa'n nuvere menear, dat syn efterein en it puntsje van syn snute tagelyk by honk kamen. It luwd fen Azor en Masterske skilde op in del net sa folle, to sizzen dat it fen beide like skel en triemerich wier. It wier klear, dat se om sa to sizzen for enoar makke wierne Dêrom wier Masterske ek tige mâl mei hjar hountsje; mar hjar ljeafdefol herte hie dêrom yet genegenheid oer, — en 't wier hjar geit, dy him dêryn forhuge. Kekke, Azor en Masterske makken yn wierheid in net to skieden trijetal uet, sa 't ik my yet hjoed de dei d' iene net sonder d' oaren tinke kin.

De skoalle hie fen binnen it oansjean as er fen

trije keamers op 'e rige makke wier troch de middelmuorren wei to brekken. De muorren wierne sa ontheistere, dat op in hopen steden de bleate stienen twisken de bipleistering to sjean wierne, — like droevich om oan to skôgjen as de earmtakken en knibbels fen in bidler troch de gatten fen syn forslitene pluntsjes. Foar 't middelste finster stie in soarte fen *houtene broek* of sprekstoel for de master, in ding om ende by as in taepkast (*buffet*). Efter yn dat buffet wier in kastje mei twa doarkes, dêr 't er de kaeijen steez fen yn 'e buwse hie. Oan d' iene kant er fen hinge in klabats mei in opstoppe stâlle en op 't ein mei tsjuwke learene fitters. Tafels wierne er yn 't fortrek allinne for de greaten; de lytsen sieten op kattedbankjes bij de muorre en learden hjar leksoms mei 't boek op 'e knibbels. As er leard waerd gounze it oer de hiele skoalle lyk as yn in holdersnêst. Den wier 't yet op 't moaist, — hwent it minste of geringste koe'd er ek net wêze of dêr leine de boeken en er boarstte in heislik libben uet. Sommes kaem er in *ketellap* — om 't er de forkearde doar for de rjuchte naem — mei syn hiele soadtsje fen tsjettels, trachters, blaesbalgen, ensfh. op 'e rêch, yn 'e skoalle en frege sonder erch of min ek hwet to laepjen, to kramjen, to slypjen of to soldearjen hie. Op sa'n stuit waerd de master puwr, hwent it laeitsjen en huiljen (hui roppen) naem sa'n onbidige feart, dat er wol in ketier lang mei de opfolde karwats op 'e tafel buwtsje en kettermintsje moast ear 't er stilte kaem.

As Masterske yn 't selskip fen Azor en Kekke yn 'e skoalle kaem wier 't ek trévis for ues, nammers to

mear om 't Master him yn bywêzen fen syn wiif net
 likk meitsje doarst. De iene krige den de geit bij de
 hoarnen, bij de sik, bij 't oer of by de stirt, wylst
 oaren de houn narren; dat jowch den in libben, dat
 de beide aldsjes roppe en raze moasten om enoar to
 forstean. 't Komt my yet faken yn 't sin, ho 't op in
 moarntiid Masterske yn 'e skoalle kaem mei de hânnen
 fol daci oan 'e earmtakken ta. Hja hie yn 't sin krige
 om sels ris bôle to bakken, en wylst se it daei kliemde,
 krige se sa'n sin om ris to snuven, mar koe mei de
 daeijige hânnen net ta de doaze komme, dêrom kaem
 se by Master, dat dy hjar it snufke onder 'e noas
 bringe scoe. Wy koene ynwindich wol fiele, dat de
 man syn wiif yn stillens forflokke, mar hy liet er hjar
 nei alder wenst neat fen skine. Hja halde him dos de
 noas ta om it snufke yn ontfang to nimmen en Mas-
 ter liende er him eagenskynlik goedwillig ta om it
 hjar to jaen. Ongelokkig wier dit troch hjar oanhaldend
 skodholjen in bihyplik krewei. Nei 't er it dos
 forskate reizen omdôch bisike hie, krige er foar 't for-
 stân om hjar mei d' iene hân de holle fêst to balden
 en mei d' oare hjar it snufke onder 'e noas to brin-
 gen, hwêr 't er op dy menear den ek yn slagge. Sa
 gau as se nou it hjar noflike krêveljen fen 'e snuf
 yn 'e noasters fiede en hjar alhiel oan dy nocht oer-
 jowch, forgeat se lykwol, dat hjar hânnen hielendal
 mei daei bismodze wierne. Hja striek mei de hân
 onder 'e noas lâns, lyk as snuvers plichtsje to dwaen
 om de noflike fieling folmakke to meitsjen, en bi-
 griemde sadwaende hjar hiele gesicht mei moal. Wy
 hiene ont nou ta mei de eagen buwten de holle en

de muwle yn 't kear, mar dôch yn alle stillens sitten to wachtsjen ho dit spil ôfrinne scoe, — mar nou guwlden wy 't uet fen kleare bare wille, wy skuorden ues de buwse uet fen lacitsjen en skopten en stampfuotten mar raek! Mar dy oerdwealskens waerd ues yndroege, net sunich! Ear 't wy er om tochten kaem Master de rige lâns om ues om to gean, buwke der op as wierne wy stokfisk en rachte ues uet for Bengaelske tigers en lykfol hwet, — howol wy ues yn wierheid fodsje lieten as in keppel lammen.

(De earme master wier dy tiids yn ues each in bjuster stult en onforstânnich man, mar letter, nou ik alles better ynsjuch, forjit ik graech 'it heislik wân bruijen, dat er ues om in hirtsje elk syn bar taparte, om allinne mei meilijen oan him to tinken. Moast er bij 't einsluten net in sekfol gedild ha om it moulk to meitsjen, dat er yet inkeld ris in goed sin hie, to wile wy him oanhaldend mei ues skarlungige fiten pleagen?)

Op in kear dat er syn snuefdoase uet 'e buws helje scoe, jowch er in luwde guwl fen him. Oan dy hân hingje in greate libbene kreeft, dy syn finger yn 'e knipe hie. Op in oare kear rolle de wetteramer, dy oer de skoalle stie om ues to boarnen as wy toarst hiene, yn ienen oer de fier, troch dat wy wrakselen om er it earst by to kommen en d' iene d' oare neat tajaen woe.

Howol de skoalle sa great wier as trije gewoane keamers mei enoar (sa'n *langejammer*!) waerd er stookt yn in kachel, dy net folle greater wier as twa fuwsten. It wier in soarte fen izerne bislachspôt op trije

poaten en mei in stoartene tromp as in lid er boppé op, — dat wier 't fatsoen. As 't fuwleindige kald wier bleau dy read fen gleanens sa lang as de les duorre, hwet lykwol net weinaem, dat wy suver bifrearen, sa gau as wy er in eintsje by wei gyngen, sa bot wierne de glêzen mei iiskoarsten en juwkels biditsen en sa siigde it troch de gapjende doarskreven. Om net hielendal to forklomjen mochten wy by kloften elk ues bar om 'e kachel stean om te ontteijen. Ho mannich kear ha wy, wylst wy dêr sa stoene to brieden en elkoar krongen, de kachel omreage lyk as niis de boarnamer, sa 't de lôge omheeg gyng en de gleane yeske withwêr sa'ne stau.

By 't winter hie de master buwten my, yet inkelde kostlearlingen, bingels uet oare doarpen dêr om hinne wei. De ierdapels wierne dat jiers min bislein en de kost wier al folle koalrapen, — hwet al te faek nei ues sin. Soks jowch oanlieding ta in nije grap.

Op in nacht wirdt Masterske yn ienen to wekker, troch dat er hjar eat kald en glysterich oer de noas hinne striek. Heal kel en heal nidich draeit se hjar yn 't bêd om nei hjar man ta dy rêstlik en wol njunken hjar laei te snoarkjen, as wist er fen gjin kwea. Master, onsêft uet 'e dodde te wekker makke en yet yn 'e sliep bitiisd, wit net hwet er oan is. It wiif wol leauwe, dat se drôge het en lit de holle wer op it kjessen tobek falle. Doch hja is mar amper wer yn slept, of it selde kalde streakjen begjint op in nij. Troch dat se nou de hân oan 'e noas bringt, fielt se in knoarre koalraep, dy omdôch bisiket om wer op te kjuwen nei it plak, dêr 't er wei komd liket to

wêzen. Masterske nou wol grif er op dat it gjin dream is, bigjint om help to roppen. Master, giet ôf 't bêd, stekt it ljacht op en nei folle siikjen omdôch wirdt de saek einlings opklearre. Ien fen de kostlearlingen hie, do er in amerij allinne thues wier, dat stik koalraep ophinge oan de kop fen 't ledikant en op in manear, dat er it Masterske krekt op 'e noas sakje litte koe mei bihelp fen in tou, dat er op en del loek. Do er Master mei 't ljacht oankommen seach, liet omkoal it tou los en scoe hird wer op bêd, mar, 't wier to let. Hwet hjirop folge kin me fen tinken wol ha. De oare moarns waerd er for skelm weijage. Dizze set formakke ues ta de teannens-ein uet, mar wy wierne it er dôch ek oer iens, dat de straffe net onfortsjinne wier.

Hjir mei sluet ik it forhael fen de fiten, dy wy yn ues skoallegean uetsetten. De lêzer het er genôch oan om to begripen, dat wy op sa'n hegeskoalle net bjuster geleard wirde koene.

4. Lândlike uetstap fen in Stêdman.

Klaes Heechflecht hie syn hiele libben sa ald as er wier trochbrocht yn 'e stêd, dêr 't er to wrald komd wier. Hy hie sa wol ris in wike of in fiertsjien dagen uetfenhuwze by syn omke, dy in pear uwre fen 'e stêd ôf op in buwtentsje wenne, mar dat hie ek syn greatste reis wêst. Nou moatte jimme dêrom net tinke,

dat er net fen reigjen halde of net graech buwten 'e stêd forkeare mocht: O heden né! krekt oarsom. Faker as ienris hied er wol by him sels tocht; Hwet woe'k graech, dat ik hjir net altyd binnen de muorren opsletten hoegde te wêzen; hwet scoe 'k it aerdich fine, as ik ris in reiske nei buwten dwaen mochte en my yn 'e frije Natuer formeitsje! Soks liet er faek yn him omgean, mar 't hie him yet nea barre mocht, dat er hjiryn syn winsk krige.

Do Klaes in jier of toalf ald wier, trof him it ongelok, dat syn beide alden koart op enoar kamen to forstearren, en syn omke, dêr ik niis van sei, waerd do foud oer him. Dy bistelde him op in skoalle, hwêr 't er hwet mear leare koe as sljucht hinne en wer en in *fatsoenlike* opfieding krige. Nei in jier of trije hied er dêr safolle leard, dat er nei syn omke sin nou manske-nôch wier om to learen ta hwet dizze ornearre hie. dat er wirde moast, to sizzen: *notaris*. Dêrta kaem er do by sa'n mynhear op it kantoar, mar do gyng it yn 'alles net mei Klaes, lyk as syn omke fen him forwachte hie. De boai hied er neat nin nocht oan om dêr hiele dagen foar de lessener to sitten en yn allerhânne alde pompieren om to noaskjen. Gâns ljeaver halde er him bezich mei it lêzen fen boeken, dy de nocht fen 't lânlibben op 't moaiste uetbyldsje en biskrjuwe en mear dichterlik as wier binne Poot's *Akkerleven*, dat sa bigjint:

Hoe genoeglijk rolt het leven

Des gerusten landmans heen,

en al sokke stikken mocht er bjuster graech lêze en
koed er forskate fen buwten. En hy makke sels ek

wol ris fêrsen yn dy trant, dy soms wol aerlich wierne om to lêzen, mar hwêr 't er fiers to folle tiid mei formalke, sa 't er fen syn learen net folle kaem. En dêrby waerd troch al syn lêzen syn langst steesoan greater om de stêd ris for in tiidlang to forlitten en al it moaije, dêr 't er fen drôge, mei eigen eagen to sjean, dat syn prakkesaasje dêr al meast oer gyng.

Troch dit ien en 't oar helle er him wol faken in foege biskrobbing op 'e hals, mar hy steurde him dêr trochstrings net lang oan en treastge him er mei, dat er mei in jier of hwet syn eigen baes wirde, en it erfskip fen syn alden yn'e hânnen krije scoe.

Dy tiid wier einlings oanbrietsen, en do wachtte er ek net lang om fen syn frijheid gebruwk to meitsjen, syn forfeelsom skrjuwersbaentsje oan oaren oer to litten, dy er mear nocht oan hiene, en in reiske to hawwen, dêr 't er sa faek al nei torlange hie.

.
Do 't syn reisplan makke wier, hied er, mei help fen 'e faem, hwet klean en 't iene en 't oare oars, dat er onderweis nedich hawwe koe, yn in nije forwielene reissek treaun, de hier fen syn keamer bitelle en oarder jown om him de oaremoarns bytiid to roppen, hwent de *diligence* ried om saun uwre nei G. . . . in doarp, dat sawet in uwre of fjouwer geans fen 'e stêd ôf wier. Tsjinwirdich kin me dyselde reis yn ytlke minuten dwaen, tosizzen: mei de spoarwein. Dy tiids wierne er lykwol sa rounom yn ues lân yet gjin spoarweyen lyk as nou, en me koe doe fen 'e stêd ôf nei G. . . . ta ek net oars komme as mei de wein, as me pammers syn skonken net bruwke woe.

— Me begrypt hjir uet, dat it al gâns in tiid lyn is, hwet ik hjir fortel.

It reisgjen gyng do fensels net sa gau en sljuchtwei ljuwe kamen er dêrom ek safolle net oer gear, as 't net for hjar saken nedich wier. Dit wier den ek al in reden mei, dat Klaes Heechflecht nea safier buwten 'e poarte wêst hie as er nou komme scoe.

Seis uwre de moarns wier Klaes for safier ré, dat er syn moarnbrea bipluze en in pantsje-fol thé dronken hie. Hy bitocht him yetris of er faek ek hwet forgetten hie, dat yet yn 'e reissek moast, mar né, alles wier yn 'e heak. Dêrmei de klean oan, en — in healuwre letter stied er yn 'e doar en naem ôfskie fen 'e ljue, dêr 't er wenne, en mei in »plezierige reis!« en »t beste!« sette er stap nei *De gouden Leeuw*, hwent dêr ried de wein ôf.

Hy hie de gongelstôk yn 'e hân en in jonge droech syn pakje nei de wein.

Dizze stie krekt ré om foart, de hynzers wierne der al foar en 't oare selskip, dat nei G... reisge, siet er al yn; Klaes koe dos mar dalik ynstappe. Hy hie 't yet krekt oan tiid om de jonge, dy syn pakje droegen hie, gau in duwbeltsje to jaen, dy dêrop wol binoege wer nei huws kroaske. De fuorman kleau op 'e bok, lei de swipe oer de beide gudsen en — foart gyng it.

It selskip yn 'e wein bistie, buwten de man, dêr wy 't oer ha, uet twa persoanen. De iene wier, oan 't uterlike to sjean, in keapman, dy mei stalen reisge; de oare in boer uet G... dy nei de stêd wêst hie om nei de prîis fen 't nôt to fornimmen.

Der waerd de hiele wei oer net folle praet; de keapman seach altomets yn syn oanteikenboekje, den ris nei buwten en jowch him einlings del yn in hoekje om in sliepke to nimmen. De boer rekkene yn him sels uet hofolle syn rogge dit jier opbringe koe as er 't goed binnen krige en tromme mei de fingers op 'e bank, dêr 't er op siet. En Klaes hie de holle sa fol fen allerhânne prakkesaesjes, dat er ek gjin moeite die om it petear oan 'e gong to halden.

Onderweis waerd er al ris pleistere en in oar span hynzers foarslein, mar dat brocht yn de halding fen ues ljue net folle foroaring to wei.

Einlings wier me dêr me wêze moast en stoep uet 'e wein, ta bliidskip fen ues stêdman, dy de reis op 't lêst al tige forfeelde.

G... hie foaral yn 'e simmer in tige moai oansjean, binammen troch de skjinne Natuer dêr omhinne en troch dat wegen en kujjerpaden fen de biwenners eptich yn oarder halden waerden, hwent hja wierne der great op, dat frjemden hjar doarp moai founen.

Klaes hied er den ek wol ris fen heard, dat it hjir yn 'e simmer sa moai wier, en dêrom wier er nou ek fen sins, hjir in dei mannich troch to bringen, ear 't er syn reis forfolge.

Yn de herberge *De wite Bear* tocht er sa lang to bljuwen. It wier in ald gebou, dat net allinne ta weardshuws tsjinne, mar de ljue, dy er yn wennen, hiene tagelyk ek buorkerij. It huws fen foaren wyt bipleistere, en de gevel heal biside yn 't skaed fen 'e linebeamen dy foar 'e doar stiene, — blonk yen fen 'e wei ôf lykwol frjeunlik to miette en lokke mannich

warrige of toarstige reisger, dy dat lâns moast, nei binnen. Foar huws, ek al yn 't skaed fen 'e beammen, stie in bank, hwêr de boeren sa jouns wol gau ris by enoar kamen om in glêske to drinken, hjar piipke to smoken en to praten oer hwet de tiid sei.

Klaes gyng hwet op 'e bank sitten, nei 't er oan 'e kast'leinske sein hie, him in glêsk bier to bringen. Hjir wood er hwet bikomme, hwent hy wier wirrich en ongedien fen 'e lange reis yn in alde rommelkast fen in wein, en onderwyl — tocht him — hied er tiid en gelegenheid om in forgelikinge to meitsjen twiske itjinge er hjir seach en hwet er yn 'e boeken dêroer lêzen hie.

Hy hie lykwol net sa lang tiid as er tochte, om mei syn tinsin allinne to wêzen, hwent de kast'leinske, dy him it bistelde bier brocht, wier nuvere praetsk. Hja skynde net bigripe to kinnen, dat er graech in amerij allinne wêze woe; hja rottele mar oan ien hinne wei, en 't scoe hjar raer talike ha, as immen hjar sein hie, dat se sadwaende onbileefd hânnele, -- *hja* die 't krekt oarsom uet beleefdens.

Klaes, dy nin oare uetwei seach om fen 't minske ou to kommen en onderwyl ek hunger krige hie, frege hjar do of se him in fiks middeimiel ré meitsje woe en jowch fierder to kennen, dat er miskien de nachts hjir ek wol bliuwe wolle scoe

Do wier 't *mynhear* foar en nei — earst neamde se him *keapman* — en ja, o hea, dat koe bêst, hja scoe for alles wol soargje, en as keapman, mynhear woe se sizze, in aparte keamer hawwe woe, dat koe ek wol wirde, hwent nêst in jier of hwet, do se hjir

in nije brêge boud hiene, do hie de opsichter fen dat spil, in great hear, hjir ek syn thues hawn, en dy hie yet sein, dat er fen dy keamer sa'n moai uetsicht hie, en al sokke praetsjes mear.

Einlings gyng se yn 'e huws om ien en oar to bi-oarderjen.

Klaes, howol to'n earsten hwet ongemaklik, dat it babbelhaftige minske him yn syn oertinkingen steurde, hie op 't lêst dôch mei nocht nei hjar praetsjes harke.

't Is wier, tocht er, hwet ik fen 't aerd der lânbi-wenners lêzen ha. Do foarmen fen 't dagelikse libben dêr binne se net sa goed mei bikend, mar dêr tsjinoer binne se gol en wolmienend. Ho frjeunlik binne se tsjin my, nou se wite, dat ik hjir in toarntsje bljuwe wol, to wile ik hjar dôch frjemd bin; dat is yet de alde gastfrijheid!

It iten wier mei in uwre ré, en mynhear koe syn mieltiid halde yn 'e selde keamer, dêr nêst jirren d' opsichter ek iten hie. It miel foel lykwol neat ta. Fen alles, hwet er op tafel forwachte hie, lyk as allerhânne nije fruchten en grienten, dy me, sa 't er tochte, hjir hast forgees krije koe, — neat fen dat alles krige er to sjean. Yn pleats dêrfen: ier'apels mei in saus, dat folle op mosterstip like, en skiepflesk, dat bare toar en mar heal nôch wier. Dêrby yet in panne mei slaed en in heal fesse wyn, ek al net fen 'e beste, om ien en oar troch to spielen.

Dat foel him fen sels allegearre bjuster ôf, mar om 't er wol skroei hie, died er der noch al aerdich hwet oan.

Nei iten stiek er in sigaer oan en woed er hwet

kuijerje, mar ongelokkich bigoun it to reinen, dat it easde, en hy moast dos wol binnen doar bljûwe. Om de tiid dôch oan ein to krijen, helle er syn skruwark foar 't ljacht om syn onderfiningen fen dizze dei, dy him dêrta wichtig-enôch foarkamen op pompier to setten. 't Wier lokkich, dat er 't ien en 't oar op reis meinomd hie, oars scoed er miskien frij hwet spil hawn ha, om hjir pompier en sa to krijen, hwent dy minsken pielden net folle mei skruwen.

De jouns om in uwre of fiif seis wier 't reinen opalden en sierlik moai waer, wol geskikt om in kuitertsje to meitsjen.

Klaes makke er den ek gebrúwk fen en dit kuitertsje makke him fleurich en opgeromd. Howol hjir alles net wier, lyk as er him foarsteld hie, biklage er him dôch net, dat er ta dit uetstapke bisletten hie.

Mei folle boarst amme er de hearlik friske loft yn en biskôge mei wille de forskate blommen en kruwden, dy fen 'e rein opfleure as mei nei libben stiene to pronkjen en hweroan de drippen troch de sinnestrielen as goud en poarper blonken. 't Wier in sierlike joun en de Natuer sa moai, dat se sels hjar, dy oars al dat skjinne trochstrings mei onferskillige eagen sjugge, biwondering óftwong.

Ues stêdman, dy alles opmerksom biseach en mei njuw om him hinne eage, wier ongemirken oan d' oare ein fen 't doarp komd. Hjir stie in tropke beammen en hy miende dêruet it slaen fen in nachtegeal to hearren.

Hy tocht er net om, dat de nachtegeal al lang mei sjongen opalden hie.

O, hwet klonk dat moai yn 'e stille simmerjoun!

Hwet hearlike stoffe for 'n dicht! En hy bigoun hea
 luwd in fêrs op te sizzen, dat er al earder makke hie
 en him nou wer yn 't sin skeat. 't Wier just net op
 'e nachtegael fen tapassing, mar dôch in dicht, dêr
 fen 't sjongen fen 'e fuwgels ynkaem, en dat sa bigoun :

Zijt welkom vogeltjes, die in de groene twijgen,
 Weer vroolijk als voorheen uw zangen op doet stijgen,
 Nu gansch Natuur herleeft, met jeugdig groen zich
 tooit.

En overal op 't veld 't gebloemde zich ontplooit; —
 De gouden zon weer schijnt met vriendelijke stralen,
 Die met vernieuwden glans op aarde nederdalen,
 Ja welkom vog'lenschaar! uw duizendstemmig koor,
 Dat door de lucht weergalmt, streelt aangenaam
 ons oor,

Verhoogt den indruk van wat we om ons heen aan-
 schouwen.

Van 't schoon der bosschen en van groenende lan-
 douwen.

En bij den schoonen zang, die aan uw keel ontvliet,
 Voeg ik op eigen wijs ook aan Natuur een lied! enz.

Wylst er dêr noch sa stie te mimerjen, kamen in
 s'ik twa jonges nei him tarinnen. Hja tochten dat
 dy hear it paed troch de lannen nei H. — in doarpke
 dêr tichte by — ta moast, mar yet yn kiif stie, of
 dat de rjuchte wei wol wier. Hja diene it hekje iepen,
 dat it lân fen 'e dyk ôfskaette, en wachtten, om 't se
 tochten, dat er freegje scoe, om him den de wei to
 wizen, — alles op hope fen in pear cinten to krijen.
 Yn pleats fen hwet de jonges forwachte hiene, frege

Klaes hjar, of de nachtegael alle jounen sa moai yn dat boskje song. De iene seach d' oare oan, hja laken sahwet to muwk, mar seijen neat. Op 't lêst sei de iene:

— Dat die ik, Hear! sjuch hjirnei. En do liet er Klaes sa'n stiennen fluitsje sjean, dat mei wetter fold wiêr, en om blike to litten, dat er wol sikersonk wierheid spriek, bigoun er yetris op dat ding to blazen.

— Mar, frege Klaes, en hy seach al hwet sneu, jimme hearre hjir dôch wol i's sa'n fuwgel sjongen yn dat boskje?

— O heden jawol, mynhear! sei de jonge, dy net sa bang wier as er like, fen 't maitiid koe me hjir de nachtegael alle jounen fluitsjen hearre, mar nou sjongt er net mear, hwent hy het dêr in nêstje, ik tink mei jongen, mar dat wyt ik ek n't, hwent wy meije er net bykomme. — de boer dy syn lân it is, scoe 't ues wol wysmeitsje!

Klaes joweh de jonges in pear cinten, en frege do, of se him net sahwet bitsjutte koene hwêr it nêst siet; hy scoe 't den mar ris weagje, tocht him, om dêr hinne to gean, hwent hy hie yet nea nin fuwgelnêst sjoen. Nou, it him bitsjutte, dat woene se wol, mar der mei oan ta, dat doarsten se net, en — 't like hjar ek raer ta hwet bilang mynhear dêr by hawwe koe.

Klaes wadde lykwol troch 't lange gêrs fen 'e greide om by 't boskje to kommen en sa nei 't plak, dat de jonges him wiisd hiene. Hy fielde lykwol al gau dat er trochwiet om 'e fuotten waerd, hwent hy hied er net om tocht, do er foart gyng, om syn pantoffels uet en de learzens oan to tsjean. Om syn soundheid

doarst er 't net weagje sa yet langer om to rinnen, en hy pandere wer nei syn lôzjemint torêch, deselde wei lâns, dy er niis komd wier, mar sa binoege net as yn 'e hinnerreis.

Yn ienen dêr heart er efter him in luwd geskatter, en do er omseach fornaem er in tropke lju, manljue en frouljue, dy fen 't lânwrik thues kamen, Hy hied er earst nin erch yn, dat er sels de man wier, dy dy froalikeid geande makke, mar dit waard him al gau klear; in greate, opsluwpene jonge mei in sekfol skieppe-iten op 'e nekke, hearde er sizzen: Ha jimme niis de nachtegael wol heard? Dy song sa moai kin 'k jimme sizze, sa moai, dat in hear mei bonte hoassokken oan 'e fuotten er wit ho lang nei stien het to harkjen en einlings in pear wiete fuotten helle om de fuwgel, dy sa moai song, fen nei by to bisjean. En dêrop bigon it laeitsjen wer op in nij, dat it sa hwet die.

Klaes begriep nou, dat se him bidoelden en dat dy snaken fen jonges, dy er noch wol cinten jown hie, him dit lapt hiene. Lokkich wier er nou tichte bij syn lôzjemint en hy roun hwet hirder oan om it giisgobjen fen dat folk binnendoar to ontgean.

Warrich en ongedien socht er syn keamer wer op, liet him syn jimmet bringe en in waerme stove, en do er syn fuotten wer droech en syn mage hwet forsterke hie, gyng er yet ris nei onderen — hwent in skille wier er net yn 'e keamer — om to sizzen, dat se him d' oaremoarns om in uwre of acht roppe, en de kranten boppe bringe moasten en do gyng er op bêd.

Yn 't earst koed er net yn 'e sliep komme, hwent

troch de opskoude ramten wier in hiele flite langskonkte miggen nei binnen flein, en dy gounzen him nou om 'e earen en stieken him yn 'e troanje, dat it sahwet die. Mar einlings krige de warrigens de oerhân en foelen d' eagen him ticht.

Hy slepte oan d' oare moarns seis en saunen, do syn sliep minder fêst waerd troch it for him ongewoane libben, dat er yn en om huws bigoun to hearskjen. Boppe him songen de protters en oar fuwgelguod, dy op it tek en onder 'e pannen hjar nêstjes hiene, op allerhânne wizen. Efter yn 'e skuorre keakelen de hinnen en yn 't milhuws gyng de pols mei stadige en oanhaldende slagen yn 'e tsjerne op en del. Ues man hearde al dy luwden yn 'e sliep sonder se duedlik to onderskieden en sonder rjucht wekker to wurden.

Sa laei er dêr yn dy greate holle keamer, dy yet ho langer ho greater like to wurden en einlings yn in tuen te foroarjen, sa great, dat er fen alles en alles yn to sjean wier: — hjir seach me beammen mei in bluossemklaed biditsen, dêr allerhânne blommen, dy it each tuwzenerlei kleuren to sjean jowgen, fierderop in onmietlik great gêrsplak, hwer in keppel skiep fredich de gêrskes ôfpluzen — en tichte by, onder 't skaed fen in greate linebeam, siet in jongfaem op bleate fuotten; hja frissele in krânze fen bonte blommen, dy se plôke oan de igge fen in helder beekje, dat sêft ruwzjend dêr foarby streamde. Dat wier de harderinne fen 'e skiep. Mar yn ienen waerd hja wei en op it selde sté siet in feint, dy in fluite uet 'e buws helle en dêrop bigoun to blazen.... de skiep stieken de koppen op, sa 't like, om er nei to harkjen....

mar hja stouden uet enoar en gyngen op 'e flecht for twa jonges, dy ek fluitsjes hiene; do bigounen se mei hjar trijen muzyk to meitsjen op 'e maet fen in greate tromme, dy in oaren op 'e nekke hie, en dat gyng: bom! ... bom! bom! dat Klaes er wekker fen waerd, hwent hy hie dat fen sels allegearre mar dreamd. Mar dat bom! bom! droande him yet yn 'e earen en foart dêrop hearde er 't wer. Dat wier lykwol op syn keamersdoar.

Hy tocht, dat me kaem om him to roppen lyk as er 't bisteld hie. Hy sprong flink ôf 't bêd, teach gau de hoazzen en de boppebroek oan, die de doar iepen en dêr stie deselde boer foar him, dêr 't er earder mei yn 'e *diligence* sitten hie!

Hy hoegde net lang to hersenskraebjen oer de frage hwet dit bisiik sa iere moarn to bitsjuten hie, Dy kearel bigoun dalik op to spatten, dat syn gêrs sa towadde wier, dat gjin ien hwet op syn lân to meitsjen hie as hy sels, mar dat er skeaforgoeding ha woe en oars scoed er 't oanjaen by de grytman en folle net genôch.

Klaes wier lykwol net sa gau bang to meitsjen as me faek tinke scoe, of ljeaver, hy wier ien fen dy minsken dy, fen natuer bang, soms fen greate moed blyk jowe as se ienkear yn 't gefaer binne. Syn goede tinkwize oer 't lânfolk wier sont er fen huws gien wier ek al ytlike graden sakke en heal nidich, dat me him op sa'n onbiskofte menear yn 'e sliep steurd hie, bigoun er de boer ek uet to fegen, sei dat dy mar dwaen moast, hwet er net litte koe en mar hândich meitsje dat er foart kaem.

De kast'leinske dy it hiele petear biharke hie, mar der net oer prate doarst, kaem om saûn uwre mei de thé en brocht him de sneinskrante — it wier tiisdei — hja sei, dat mynhear it krekt trof, mei de krante woe se sizze, hwent dat se dy oars in dei letter krigen.

Min yn 't skik en yet ongerêst oer 't bisiik fen 'e boer, jowch er op al hjar riddenaesjes, dy yet folgen, net folle acht. Hy klaeide him oan en bleau fierder de hiele moarn yn syn keamer, en gyng do uet om troch in kujertsje yn 't moaije waer syn sinnen hwet to forsetten. Hy wier eintlik al heal yn 'e wille om mar stil wer nei syn ald ketier yn 'e stêd to forhuwsjen.

Dizze dei lykwol scoe nochliker for him oan ein gean as er forwachte hie, en hwet mear is, it begjin wirde fen in nij tiidrek yn syn libben, dat oan dizz' tiid ta for in great diel yn dichterlik drôgjen foarby gien wier.

Ues stêdman wier yet net fen syn kujerke werom, do er in rydtuech dat fen d'oare kant ynkaem, foar *De Wite Bear* stilhalde.

Oan de nijmoadrige wein en it hynzer, dat er foar wier, koartom oan 't hiele reau wier 't wol to sjean, dat de eigener fen dat spil it skoan stouwe koe.

Dizze stapte uet 'e wein, wylst de feint, dy foaryn sitten hie, it blêske uetspande en nei de stal laette om it hwet foer to jaen, hwent hja moasten yet in ein ride, ear 't se wer by honk wierne.

De kast'leinske, — dy altyd wakker yn 't skik en tige praetsk wier as er sokke forname ljue foar hjar

herberge stil halden, hie mynhear, dy onderwyl yn 'e huws komd wier, al gau allerhânne nijs to fortellen en onder mear ek, dat se sa'n fornamen gast to hjarres hiene, dy hjir komd wier om de moaije omstreken fen hjar doarp to sjean, en hwet se fierder fen him wist.

Hja wier yet drok oan 't reedjen do de man, dêr se 't oer hie, fen syn kuijerke werom kaem en yn 'e jachtweide gyng om ris to sjean hwa der siet.

Hy hie 't rjydtuech foar de doar stean sjoen en tochte moulk gelegenheid to hebben om mei nei de stêd to riden, hwent hy hie al skjin syn nocht fen syn uetstapke nei buwten, — en de *diligence* ried net foar de folgjende snjeuns.

De hear yn 'e jachtweide hie ues man sa gau net yn 't visier, of it kaem him foar, dat er de persoan earder sjoen hie. Hy betocht him in amerij en op 't lêst sei er:

— As ik freegje mei, binne jy mynhear Heechflecht net?

Ues stêdman sei, dat er sa hjitte, mar him net to binnen bringen koe, dat er mynhear earder oantrof fen hie.

De eigener fen 't rydtuech — mynhear Van Renten — sei do: Jy moatte wite mynhear, dat jins Heit by syn libben in frjeun fen my wier; jy wierne sa'n foege boai, do ik yet yn 'e stêd wenne en nou en den by jimmers oan huws kaem. Sont binne er forskate jierren foarby gien, mar jins wêzen kaem my foart sa bikind foar, dat jy my, do jy er yn kamen, dalik alde tiden to binnen brochten.

(Ik achtsje 't hjir nedich to sizzen, dat Klaes yn syn uterlik alhiel syn heit like, do dy yet yn syn fleur wier).

Do wierne se sahwet mei enoar bikind en mynhear Van Renten fornaem al gau mei hokker doel Klaes to G. . . . komd wier, dat er ont nou ta lykwol net sa folle wille fen syn uetstapke hawn hie as er him foarsteld hie en nou al heal yn 'e wille wier om de stêd wer op te siikjen.

De hear Van Renten, dat in frjeunlike man wier, bitocht him in eagenblik en sei do: — As jy der sin oan ha, in dei of hwet bij uzes to uetfenhuwzjen, den kinne jy dalik wol mei ynstappe en ride mei; jy scille jou to B. net forfele, dêr wenje frjeunlike minsken en it doarp is ek wol bisjean wirdich.

Me kin 't wol fen tinken ha, dat Klaes mei dit uetstel danich yn oarder wier, en hy naem it den ek sonder lang birie oan.

In ketier letter hied er syn bindeltsje yn 'e wein, syn fortarring bitelle en kleau do nêst Van Renten op it efterbankje. De feint naem de leije wer yn 'e hânnen en — dêr rieden ues ljue hinne.

Onderweis fortelde d' alde hear him, dat se in reedtsje makke hiene om to sjean ho it blêske, dat in nijeap wier, him yn 't tuech halde scoe. Om 't it sok moai waer wier hiene se in ein omriden om nei G. . . . to kommen — fierder woene se net — dêr troch wierne se niis fen d' oare ein it doarp ynriden komd. De alde hear hie jimmer stoffe ta praten en Klaes koe, as 't pas jowch en by ljue uet syn stân syn wrld ek wol dwaen.

Sa gyng it stadich op huws yn en 't blêske halde him tige.

.
Mynhear Van Renten wier de ienichtste soan fen in keapman uet 'e stêd, dy by syn foarstearren him de saek mei in aerlich kaptaeltsje neiliet. Hy wier mei de hânnel tige gelokkich en nei koarte jierren wier syn kap'tael sa folle greater wurden, dat er der onbi-soarge en sels rom fen libje koe. Do kaem er to trouwen mei in boeredochter fen 't lân, mar syn wiif rekke in jier twa letter oan't tsjirmjen, om 't se sa 't like net oer de stêdloft koe. Sadwaende rekken se nei B. . . . ta to wenjen en 't bifoel hjar hjir sa goed, dat er de saken al skielk oan 'e kant die en it spiltsje keape, dêr 't er ont salang mar hiersman fen wêst hie. Mar syn wiif hied er net salang wille fen hawn. Dy wier nou al lang dea, en syn dochter wier trouw mei in boer uet dy krite. In kras ald minske naem syn huwshalding waer.

.
Nei in goed uwre riden wierne ues ljue to B. . . . en ues stêdman koe do for 't earst mei byskikke oan in mieltiid lyk as er him dy op 't lân foarsteld hie. Nei iten bleauwen se yet hwet sitten to praten en do moast it weinhuws en de tuen bisjoen wirde.

It wier in sierlike oanliz, allegearre mei parken, hwêryn de moaiste beammen en blommen yet yn alle fleur stiene to pronkjen. Efter 't huws wier in fiver, hwêryn einen swommen . . . koartom, alles hie sa'n moal oansjean, dat ues man mei inerlike nocht om him hinne seach en syn dichtgeast boppe kaem, howol

er dizze kear, om 't er net allinne wier, syn tinsen op mear gewoane menear utere.

Dizze dei gyng fierder noflik mei praten en sa to'n ein. Ek de folgjende dagen gyngen rêd en noflik for ues man foarby. Hy bleau yet in dei of fjouwer dêr uetfenhuwzjen en brocht er dizze en jinge mear in bisiik. Howol nimmen him hjir koe, wier er dôch as gast by Van Renten — dy min yn 't doarp skoan lije mocht — rounom tige wolkom en learde er al gau sa'n bytsje mei 't folk hjir om to gean.

Uet it petear, dat Van Renten nou en den mei syn gast halden hie, wier 't him al gau duedlik wurden hwet binamme dizze syn brek wier, to sizzen: in to oerdreaun en faek forkeard bigryp oer in hopen saken en tastânnen, dy er allinne uet 'e boeken koe, syn to lytse minskekennis en syn sin for fêrsemeitsjen, hwêrtroch er wol ris op oangenamme menear syn tinsen uterje koe, mar hwêr 't er fiersto folle tiid oan bistelde, wylst er him yn oare en folle nuttiger saken lang net genôch oevene. En nei 't se meer fortroulik mei enoar wurden wierne, wist d'alde hear him 't ien en 't oar ongemirken oan 't forstân to bringen en 't forkearde er fen foar to halden, om yn dichterlik drôgjen sa syn tiid to forsliten en dêr troch syn bistimming uet it each to forliezen. Mar de toan, hwêrop er dit alles sei en him rjue nuttige lessen jowch wier sa earnstich en wolmienend, dat Klaes for him naem er ta syn foardiel bruwk fen to meitajen.

Einlings wier de tiid forstritsen, dy er him foarsteld hie by Van Renten to bliuwen. Hy naem dos ôfskied

fen de man, dy him sa frjeunlik bihânle hie, bitanke him dêrfor en for al de nocht, dy er hawn hie, en sa skaetten se as greате frjeunen. De feint brocht him yet mei de wein nei G.- hwêrfendinne er fierder mei de *diligence* wer nei Stêd reisge.

.

Ik ha letter heard, dat Klaes him yn it forfolch yet mei iver op syn wirk uetlei, hwêrtroch er yn syn fak ek tige mânsk wurden is, hwent hy hie oars in skoan forstân. Twiskentiden makke er yet wol ris in rymke, mar hy bistelde dêr nea safolle tiid oan, dat er syn wirk er om forsleauke. Syn uetstapke nei buwten hie dos dôch fortuten dien.

5. Mei hjar eigen mint bitelle.

Tsjerk Retsom, in gernier uet 'e Walden, wier nêst in wike of hwet troude mei in kreas en himmel jong wyfke, dêr 't er ek tige mâl mei wier. Nou Berber; — hwent sa hjitte hja — wier mei hjar man ek tige forgilde en noait blider as dat er jouns mar by hjar thues wêze koe, nammers to mear, om 't dit net sa jamk barde; hwent Tsjerk hânnele ek yn siedden, en wier troch dy wei al folle fen huws. De saken gyngen dôch foar. Mar as er 't skikke koe wier er ek mar ljeafst by syn wyfke thues, en den hiene se togearre alle wille. Dat naem lykwol net wei, dat se de ljue, dy hjar ris forsochten, dôch frjeunlik onthellen en er wol oer mochten as er ris ien of mear fen 'e buorljue oerkamen to praten.

Sjerp Slynsmā en Greult Struen, dy ek beide troude wierne, kamen wol gau ris in joun bij Tjerk-en-hjar to frjeunsprekken en waerden den altyd tige let en set, hwent Tjserk hie yet al hwet ginst fen hjar. Nou hiene dy beide frjeunen dat oer hjar en kamen dêryn oerien, dat se oarljues frouljue ljeaver skynden te hawwen as hjar eigen, binammen as dy moai tsjep en leidich wierne.

Sa smieten se al gau, sonder fen elkoar to witen, eagen op Berber en om 't dy altyd like frjeunlik tsjin hjar wier, rekken se yn 'e forbylding, dat it jonge wiif maklik to forlieden wêze scoe. Hja kamen dos ho langer ho faker en den meast as Tsjerk om utens wier. Nou kaem Sjerp en den Greult en soms allebeide tagelyk. Den hiene se allerhânne fluenske praetsjes, hellen swiere siken op en stinden en knyp-eagen, allegearre om Berber fiele to litten hwêr 't hjar om to dwaen wier.

It jonge wiif hied er to'n earsten gjin erch yn, njunkelytsen bigoun se to twiveljen en einlings waerd it hjar klear hwet dy beide snueshoannen mei hjar woene, en nou skruten woar'n, klage se Tsjerk hjar need.

Dat Tsjerk puwr wier, do er alles wiste, kin me wol tinke, hwent hy woe syn parren net fen in oar bitomke ha, en hy naem him foar dy beide skar-lunen for goed to plak to setten en 't hjar yn te skerpjen, dat se syn wiif foartoan gewirde litte koene. Dat moast lykwol barre sonder opskuor to meitsjen, hwent as in oar it to witen kaem, scoe Berber ek oer allemans tonge gean en hjar eare en goede namme der onder lije. Hja hie hjar sels yn dit stik wol neat

to forwiten, mar ho giet it mei de rabberij? — de onskildige moat er trochstrings it meast om lije.

Nei hwet oer en wer praten hiene ues ljue einlings hjar plan klear en waerd dit al gau dêrop to'n uetfier brocht. Ho en op hwet wize, scil ik nou fortelle. Op in joun wier Tsjerk sa beare fen huws giën. Berber hie de deis Sjerp en Greult de wink jown, dat se komme koene en dizze lieten net op hjar wachtsje. De beide gasten scoene mar ris tige ont-helle wirde sa 't like, hwent do se yn 'e huws kamen, stied er fen alles op 'e tafel en Berber moai forklaid er by. Hja wier sa frjeunlik dat! en noege ues beide manljue uet om mar by to skikken. Dizze wierne alhiel yn 'e bladeren en tochten net oars as nou wierne de rapen gear. Mar och hea! wylst me tarissing makke om oan tafel to gean kloppe der hwa oan 'e doar. — De doar op 'e skoattel! rôpen Sjerp en Greult tagelyk. — Né, sei Berber, hwent dy dêr kloppet is myn man Hy moat jimme hjir joun net fine; kruwp forside, hjir yn 'e kast, gau! — Sa pratende krong se de beide manljue yn 'e kleankast, die de doar ta en — Tsjerk kaem yn 'e huws.

— Dêr bin 'k al wer! rôp er, ik kaem to let for de boat, nou bliuw ik jonn by dy thues.

— Jimme bigripe, dat sei er sa mar, hwent hy hie de doar net uet wêst. 't Wier alles opstitsen wirk twiske him en syn wiif.

— Mar, sa forfolge er, it liket wol dat hjir bisite wêze scil, dat stiet er goed foar.

— Och ja, sei Berber, ik siet hjir sa allinne en nou hie'k ues buorwiven Sjerpe Fetsje en Greulte

Hoatske hjir jouns forsocht, dy hjar manljue wierne ek uet. Mar hja kinne nou om myn part wol weibljue.

— Witste hwet, andere Tsjerk, dou heste de kosten er nou om dien, hja moatte nou ek komme; helje se mar effen, ik seil salang wol huwswarje.

Nou, Berber gyng de doar uet en kaem effen letter werom mei de beide frouljue, dy hjar manljue hjir yn 'e kast sieten en fen spyt en nidigens al puwr wierne. Doch hjar straffe bigoun yet pas. Hja scoene yet lang wachtsje, en noch frijhwet hearre moatte, dat hjar net oanstie, ear 't se los kamen. Wylst se yn dy nauwe, tsjustere kast bisluten sieten en elts wird hearre koene, dat ues ljue yn'e keamer mei enoar forwixselen, gyngen dizze oan tafel om de spilen, dy dér ré stiene, eare oan to dwaen. Fen it eagenblik ôf, dat Berber mei de beide frouljue ynkomd wier, hie it petear net stilstien en hja reden yet ho langer ho drokker. Tsjerk die in steil wird tsjin 'e frouljue en streake en flaeike se, dat Fetsje en Hoatske net wisten ho se it mei him hiene en 't bywielen uetkraeiden as wierne se bang, dat er hjar op 'e side krouwpe scoe. Soks die Tsjerk om de manljue, die yn 'e kast sieten, to narjen, hwent al founen dizze er gjin bien yn om in oar'mans wiif ta ontrou te forlieden, hja woene dôch net lije dat in oar *hjar* frouljue te nei kaem. Mar om hjar sels net iepenbier to meitsjen halden se hjar yet yn. Hjar gedild scoe lykwol yet swierder op 'e prœve steld wirde! — Berber hie it salt op tafel forgetten, en hja doarst sabeare net allinne nei de koken om it to heljen; nou Fetsje sei: hja scoe wol effen meigean. It duorre yet al in setsje

ear't se werom kamen, en wiles siet Tsjerk mei Greulte wiif, Hoatske, salang allinne. Tsjerk naem dy gelegenheid waer om Hoatske allerhânne moais to fortellen, hwet frouljue ornaris graech hearre, en op 't lêst bearde er, hy woe ris mei hjar frije. Do koe Greult it yn 'e kast net langer hirde, hy woed er uet en op Tsjerk los. Mar Sjerp halde him to bek. — Dou scitte wol wizer wêze, luestere Sjerp, en meitsje dy sels en my net to skande. 't Bêste is nou, dat wy dit oer ues gean litte en mar tinke, wy krije ues fortsjinne lean. Nou Greult liet hem yet riede. — In setsje letter moast er in flesse wyn uet 'e kelder komme en Berber mei Hoatske gyngen om dy to heljen. Nou bleau Tsjerk salang mei Sjerpe wiif, Fetsje, alline en do bearde er wer krekt as niis, hy woe ris mei hjar frije. Do wier 't Sjerp syn bar om nidich to wurden en woed er uet 'e kast om op Tsjerk los to gean. Mar nou halde Greult him tobek, lyk as er sels Greult niis tobek halden hie, en moast er 't oanhearre ho Tsjerk mei syn wiif omflaike en streake en dizze dêr net fij fen like to wêzen.

Einlings wier de bisite ôfroun en de frouljue gyngen nei huws. Effen dêrnei stelde Berber de beide manljue ek yn frijheid en gniisde hjar omraek uet, dat se mei sa'n lange noas ôfdraeije koene. Tsjerk wier der wol foar om se yet in omrake trewinkel mei op reis to jaen, mar syn wiif kearde dat jin; de les hie sa goed-enôch wêst, tocht hjar, en dat wier ek sa; hwent dy frijers makken 't hjar tonei nooit wer lêstich.

GJIN OMHALEN, SIZ IK, BRUWKE.

— In Nutselêzing —

yn 't ljacht jown troch IDS. *)

Dames, seil ik mar sizze, en Hearen! — Hè, dat is safolle as in krewei; nou, hawar, it is er den mar safolle as uet. Wel nou, komoan, om bygelyks mar koart to wêzen: Dat hiene jimme, sei ik, net droamd, wel? dat Sander Foekes, de aldfeint bygelyks fen 'e Efterwei, safolle as in wird uetprate scoe, siz ik, yn'e praetstoel, sei ik. Om mar koart to gean, woe 'k hawwe en om it nou mar by de rjuchte ein to nimmen, Jimme tochten dêr, — siea safolle — net om, mar dy diker! As jy 't yn'e gaten hawwe: Sander-om, om it sa mar ris koart to neamen, Sander-omme kin wol prate; hald it safolle as yn'e rekken. Just! hald it yn 'e gaten; nim Sander-omme safolle as geweken. Jimme moatte gôchem wêze om him foarby to kommen.

»En hwêr seil, om nou mar ta de saek to kommen en bygelyks gjin drokte en omhalen te meitsjen, Sander-om it oer hawwe?« seit dy knaep dêr efter jimme. Just! hwêr seil er it oer hawwe? seit er. Oars net? Mar den het er it net yn 'e rekken, den het er, om it nou mar ris res'luet to neamen, sei ik, net yn 'e

*) Mei tawird fen 'e Skriuwer yn dizze samling opnomd.

Aparte ôfprintsels fen dit stik binne à 5 ctn. to krijen.

gaten, dat Sander-omme, dy safolle as fen Sander Foekes hjit' al lang oan 't wird wêzen het. Wolnou, komoan, den het er, wol 'k mar rekkenje, net goed ta-harke, dat het er net, siz ik, en den moat er, om nou mar it rjuchte to sizzen, him mar goed to roer en to skrip sette, om safolle as omraek te harkjen.

»Jonge« (sieu sa, ik kom wer op 'e hael!), jonge, ik woe jimme safolle as fortelle fen myn ald omkesizzer, dy 't fen Pieter Bearns hjit en dy, (onder ues praet en dêrmei hinne; hwent jimme halde it binefter?) nei de Heechste Skoalle fen 't lân giet to Dokkom. Myn broer, dy 't safolle as fen Melle Foekes neamd wirdt, — jimme kinne him wol, hy het lêsten noch rammen koft dêr boppe Grins yn 'e boppelânnen: yn Gelderlân, Ingelân.... dy contrijen, — om 't hja woene, moatte jimme telle, it skieppeguod forbetterje — Melle Foekes den, dy 't safolle as myn broer is (hwent wy hiene, moatte jimme tinke, ien en deselde heit en mem), hie him krechtsa al biklage oer Pieter, dat syn bernsbern is (hwent syn heit, ik mien Pieter syn heit, is Melle syn soan; mar Melle is oars net bisibbe oan Taebke Gelfs, dat is Pieter syn mem, om 't sa mar uet to drukken, en sadwaende binne Melle en Taebke gjin folk fen enoar, oars tominsten net as skoanfaêr en snoar.) Melle hie him al biklage oer Pieter, syn berns-bern of pakesizzer sizze de ljue: wy seine yn ues tiden fen oarreheit en oarremem, mar de Dokkommer Walden wirdt al wakker heechskeepsk, haw it yn 'e rekken!

— »Dy jonge sei er wirdt, om 't mar yn ien wird to neamen, my to dwerstrieddich en to oerdwealsk; hy

is sa oerhearrich, — dat! Ik haw'in niis to pakken hawn, mar hy is jo sa tuwk moatt' jou witte, dat! Dêr is jo no1 suver de ein fen wei! Hy is jo sa gôchem; nou leart er ek tige to Dokkom, hwent it is yn Dokkom wol yn'e es yn 't stik fen learen....

— »Nou Melle!« siz ik, »ik haw noch net folle heard, sei ik. Hwet hieste my bygelyks fen Pieter oer to krantsjen? In jonge moat dôch leare en Pieter kin namentlik al in lange piip yn trijen brekke, hald it stiif yn 'e rekken! Hy is slim ondogensk, mar in jonge moat, wol'k nou mar neame, ek in krom balstjuwrich wêze. Ja, in *famke* mei wol in ljeaf lyts krom mear leare as de besselriedden uet it jak luwke....« —

— »Just! nou heste it goed foar't forstân; mar dy jonge woe hawwe, dou wierste drok to set en to skrip om dizze joun yn'e briedstoel, ik mien fensels praetstoel, safolle as it wird fiere te kinnen. Ljeave sauntsjin en gjin ein! Frede noch ta! Dou scitte wizer wêze — mar dy jonge sei it. Hy makke my sa likenôch grimmitich, dat ik sei: — Pieter, sei ik, brui safolle as hinne! ik bin sa amperoan lilc, puwrrazen op dy, om sa mar to sizzen. — Fij, dêr 't Pake (en dy jonge wit nou wol, dat ik oarreheit hjitte wol en dat dou en ik en Tabe Keimpes yet alde Waldtsjers binne), fij, dêr 't Pake sa'n wird om seit; Pake, of om 't nou mar ris krekt to sizzen, Oarre-heit dôcht safolle as flokken. — Dôch jû; wel? siz ik, dou moaste dy stiif stil halde; fij jû! ik scil dy hwet strinkjebeijen (hja neame dat oars strueskebeijen of op syn heech Haerlemmerdyksk; reade beijen) helje, dêr scil

'k bygelyks, wol 'k dy sizze, mar in hânfet-fol fen helje . . . «

— »Nou, siz ik, nou Melle komoan! dou heste it safolle as krekt redt; om mar koart to gean, ik seil my joun to skrep en to skuor sette om to *nutsjen* . . . «

— »Dou biste my in moalsek,« seit Melle, »en brui hinne.«

Mei komt Pieter ynstouwen; it moat den mar krekt treffe. Ik seil myn dingen oan 'e kant sette en hwet oprêdde en dwaen, mar dy diker! Koartom, hy bigoun, wol'k mar sizze, safolle as bygelyks to roppen: Omke, ik haw it safolle as yn'e gaten; Omke seil, om 't mar by de rjuchte ein to nimmen, to jounne sprekke, ried ik . . . — Dat scoestou ek wite, *stouten* knaep, om sa'n sondich wird to neamen, siz ik . . . — Mar hwêroer? om dêr nou mar for uet to kommen? — It stikjen is safolle as titele: *Gjin omhalen bruwke!* — En nou wit er net, ik mien, nou het Omke, om 't mar plan-uet to sizzen en net sa grouwêlich to flokken as niis, net yn'e gaten dat, om mar gjin mear wurden to bruwken, Omke horloasje safolle as stiet en de buwtenklok, om mar de rjuchte wierheid stiiffest to halden, fen 'e slach is. Lit my gau ris siean, sei ik, seit Pieter. — Dou maste my it hart net hawwe, te spytgniiskjen, sis ik. Nou hawar? Sjuch it hear is oer. — Pieter noaske it boeltsje ris troch. Omhalen, woe 'k hawwe, binne mar tige lêstich, sei Pieter, en dôch siz ik, seit er sa (Syger Annes hearde 't wol, dy kaem sa krekt de huwsside lans, dêr sit er nou bij dy doar, wel Syger?) Omhalen yn 't praten wierne wol by folle alde Friezen yn 'e swang en sa ist hjir en dêr wol

aldfrysk. Wel nou, komoan, it stik het in doel; jy moatte mar bygelyks safolle as foarlêze, Omke! — Ja, just! jonge! dôch it sit dwêrs foar't krues, tige dwêrs — Nou mar jou *moatte* lêze en ik scil nei it lêzen wol in wird sizze: Gjûn omhalen yn 't praet. Jonge, dêr wier hwet fen to meitsjen by 't oereidsjen.

Pieter skreau nou dit er hastich onder: — Omke het gelyk, al is it mei him: — hear nei myn wurden en dôch net nei myn wirken (fy, jonge! dêr'k sa'n sondich wird om siz.) It is soms in hiele guwchelpartij, ek noch yn ues tiden. Min doar enoar net rjucht op 'e man oankomme. Ik siz foaral net dat wy *eflernet* geane; mar sa gysten foaruet as wol ris skreaun is ek net. Yn 'e bihânling binne folle omhalen, it is in birekkening om 'e duwbeltsjes en den is it: ho scil ik dy mei bochtige wegen naderje? bituwft mei omhalen it oanlizze en den stiif tapakke. Ha jy 't begrepen?

Dames en Hearen! om sa mar to sizzen, ik haw bygelyks it stik uet. Lit ues nòch hwet falske krollen en franjes oan kant lizze, en mar effen wachtsje foar 't wy doel hiene ues rounne fryske folksaerd to forsmiten. Lit ues gjin falske tearen en franjes lizze.

Nou Pieter, set ik er onder, de hoas is ôf. Dou heste noch wol mei oare dingen boarte as mei de rattelbel, of lyk as hja folle sizze, rinkelbelle. Lit my mar safolle as swije. Dames en hearen, om jimme net mear op 'e tocht to halden, de hoas is ôf en ik gean uet dizze houtene stove wei.

Jimme tsjinner (tsjinder net):

Sander Foekes,

om sa mar to sizzen.

By de Printer hjirfen is ek to krijen:

1.

IN BYTSJE UET FLLOE.

FRYSKE RIMEN

TROCH

S. K. FEITSMA.

Priis 25 ctn.

YNHALD:

- | | |
|--------------------------|------------------------------|
| 1. De twa Buorljue. | 6. Biskieden winsk. |
| 2. Treast yn 't ongelok. | 7. It beamke en de wyn. |
| 3. De man en syn ezel. | 8. Lokkich libben. |
| 4. De tuwke jager, | 9. De lytsje oargeldraeijer. |
| 5. Lytsguod. | 10. In Sinteklaes-sankje. |

BIOARDIELINGEN:

1

[De] rymkes binne ienfaldich en goed. Elkenien scil se mei nocht lêze kinne. Rym en fêrsmiette foldogge oer 't algemien oan de easken

2

... it wirkje onderskiedt him ginstich fen in hopen sa nou en den yn 't ljocht kommende rimelerijen ... it wirkje [sjocht] der kreas [út] en it pompier is bêst ... [de skrjuwer] mei yn elk gefal tofreden wêze oer [syn] wirk.

3

De stikjes binne allegearre hiel flot birymd en litte hjar tige goed lêze.

4

... wat er mij in bevalt is het losse en vloeiende, dat dikwijls bij velen ontbreekt.

SAUN RIS SOM.

GRAPPIGE TELTSJES

yn onrym

TROCH

S. K. FEITSMA.

Priis 25 ctn.

YNHALD:

- | | |
|--------------------------|-------------------------------|
| 1. De man huwshalder. | 5. Hwet de klokken sizze. |
| 2. De trije dieven. | 6. In plezierige jacht. |
| 3. De spoekjende frijer. | 7. Doménij en de kloklieders. |
| 4. De nije buorman. | |

TWEЕ GOED GESCHREVEN WERKJES.

Het zijn: *In bytsje út folle* en *Saun ris om*, (welke laatste titel »een zevental verhaaltjes« beteekent), van den heer S. K. Feitsma te Hardegarijp *)

Met genoegen heb ik beide werkjes gelezen en ze door anderen laten lezen, wie het lezen er van evenzeer beviel. Het uiterlijk is netjes: ferm papier, duidelijke letter en net omslag. Het innerlijke toont dadelijk goede en zuivere taal; een losse levendige verhaaltrant in het proza en vlot vloeiend rym in het andere werkje.

Ik wensch beide boekjes vele lezers en den schrijver een: *tot weerziens als auteur*, toe.

*) Beide werkjes binne, lyk as dit, ek by de skriuwer te krijen.